

# FRYSKE AKADEMY

## PARSEBERJOCHT

Ljouwert, 15 oktober 2010

### 53ste rige Akademy-lêzingen set út ein

De 53ste rige Akademy-lêzingen set op tiisdei 7 desimber 2010 út ein. De oare twa dagen fan de rige binne freed 14 jannewaris en tiisdei 15 febrewaris 2011. De lêzingen, dy't om 10.00 oere begjinne, wurde holden yn kongres- en stúdzjesintrum It Aljemint te Ljouwert en yn sealesintrum It Haske op 'e Jouwer.

Eltse lêzingedei bestiet út twa lêzingen en der is tiid ynromme foar fragen en diskusje. De sprekker fan de moarns op it iene plak, hâldt middeis op it oare plak nochris syn of har ferhaal. Op 7 desimber sette Ate de Jong, direkteur Tûmba, en skriuwster Suzanna Janssen út ein. Hja hawwe it respektivelik oer diversiteit en diskriminaasje yn Fryslân; en oer it boek *Het Pauperparadijs*.

Yn jannewaris wurdt de rige ferfolge mei in lêzing fan Pieter Verhoeff oer syn films en Saskia Bak oer it nije Fries Museum. De lêzingen 'De medische sociologie van gezondheid en de illusie van onkwetsbaarheid' fan Tjeerd Tijmstra en dy fan Piet Hemminga 'Leafde is blyn: de gemeentlike weryndieling' slute de rige yn febrewaris.

### Opjefte

Opjaan kin oant 1 novimber 2010 fia [akademylezingen@fryske-akademy.nl](mailto:akademylezingen@fryske-akademy.nl).

De kosten foar it bywenjen fan alle trije lêzingedagen bedrage €25,00, dat bedrach kin oermakke wurde op rekkennûmer 2902 34 123. op namme fan Stifting Fryske Akademy te Leeuwarden; graach 'akademy-lêzings' derby sette. De oanmelding is kompleet as sawol de opjefte as de betelling dien is.

////////////////////////////////////

### Noat foar de redaksje, net foar publikaasje:

Foar neiere ynformaasje kinne jo kontakt opnimme mei Mettje de Vries, Kommunikaasjemeiwurker Fryske Akademy, T 058 - 234 30 66, E [mdevries@fryske-akademy.nl](mailto:mdevries@fryske-akademy.nl)

Fryske Akademy Doelestrjitte 8 Postbus 54
---

8900 AB Ljouwert/Leeuwarden

T 058 - 213 14 14

E [fa@fryske-akademy.nl](mailto:fa@fryske-akademy.nl)

W [www.fryske-akademy.nl](http://www.fryske-akademy.nl)